

**SKRIFTLIKE FRAGEN, op grûn fan Kêst 41 Reglemint fan Oarder**

Rjochte oan DS / lid DS	<b>De Rouwe</b>  <b>Underwerp: Teloarstellende resultaten RUG Campus Fryslân</b>
Ynliedende taljochting (fakultatyf)	<p>Yn it Friesch Dagblad fan 11 jannewaris 2020<sup>1</sup> waard wiidweidich berjochte oer it feit dat de Ryksuniversiteit fan Grins folle minder studinten oanlûkt foar de Campus Fryslân as ferwachte. It totaal tal studinten fan alle learjierren is no 197, wylst 630 prognotisearre wie. Minder as ientredde part. It nijs yn dy beide artikels wie dat de RUG wurket oan leger bystelde ferwachtings en ambysjes. En dat dêr fiks legere studinte-oantallen by hearre.</p> <p>De FNP freget him ôf hoe't him dat ferhâldt mei de ôfspraken dy't der makke binne, ynklusyf de finansiering (totaal € 17,83 miljoen). En oft by legere ambysjes en dus it net neikommen fan de ôfspraken ek in nei ûnderen bysteld budzjet heard, lykas oare subsidiearre ynstellings ek wol koarte wurde as guon 'produkten' net (folslein) helle of realisearre wurde.</p> <p>Ta beslút freget de FNP him ôf hoe't it komt mei de oantallen studinten dy't út Fryslân sels komme. Dat oantal is noch tige leech (sawat 20, neffens ús ynformaasje), wylst Campus Fryslân dochs foarsteld waard as dé universiteitsfestiging fan Fryslân en dat dêr yn de byldfoarming alle hope op festige wurde moast foar universitêr ûnderwiis yn Fryslân.</p>
Fraach / fragen	<ol style="list-style-type: none"><li>1. Yn it hjirboppe oanhelle artikel yn it Friesch Dagblad seit de direkteur bedriuwsfiering fan RUG Campus Fryslân dat der wurke wurdt 'aan een update met naar beneden bijgestelde verwachtingen en ambities'. Kloppet dy ynformaasje neffens it Kolleezje? Sa ja, wat is de reaksje fan DS op dy útspraak? Is it Kolleezje it mei de FNP iens dat it net neikommen fan de ôfspraken konsekwinsjes hawwe moat foar de totaalfinansiering fan RUG Campus Fryslân?</li><li>2. Hoe ferhâlde yn syn algemienens de reële ûntwikkeling fan de studinte-oantallen by RUG Campus Fryslân har ta de subsydje-betingsten en ôfspraken dy't makke binne? Kloppet it dat der by oare ynstellings dy't jild/subsydje fan de provinsje krije ek sprake wêze kin fan it foar in part ynlûken fan de finansiering as in part fan de 'produkten' cq ôfspraken net of net foldwaande neikommen wurde? Wurde der ek yngeande petearen fierd mei de organisaasje om ta ferbettering te kommen, om sa dochs de resultaten te heljen?</li></ol>

<sup>1</sup> <https://frieschdagblad.nl/2020/1/11/campus-fryslan-trekt-minder-studenten-dan-gehoopt>

	<p>3. Hoe beoardielt it Kolleezje fan DS yn syn algemienens de promoasje fan de RUG fan de festiging yn Ljouwert? Is it Kolleezje der fan op de hichte dat op in soad VWO-skoallen yn Fryslân by de oersichten fan mooglike universiteiten yn Nederlân de festiging-Ljouwert fan de RUG alhiel net neamd wurdt? En dat de RUG-campus Fryslân mei oare wurden sa ek hielendal net yn byld komt by mooglike Fryske studinten as takomstich stúdzjeplak?</p> <p>4. Yn it artikel stiet dat der dit jier 10 nije ynstreamers út Fryslân wienen en ferline stúdzjejier 7. Dat op in totaal fan 197 fan alle learjierren (8,6%). Klopje dy sifers? Yn de 2e Berap fan 2019 stie dat 'de doelwaarde van Friese studenten wordt dit jaar waarschijnlijk niet gehaald'. Kloppet dat en sa ja, wat wie prognose en wat is de realiteit? Hoe beoardielt it Kolleezje fan DS de sifers oangeande it oantal Fryske studinten yn relaasje ta de byldfoarming dat de festiging RUG Campus Fryslân no einlings foar in trochbraak soargje soe foar it tekoart oan universitêr ûnderwiis yn Fryslân?</p> <p>5. Is it Kolleezje it mei de FNP iens dat de RUG holden wurde moat oan de ôfspraak dat Campus Fryslân foar finansjeel risiko fan de RUG minimaal 15 jier yn Ljouwert bliuwe moat? En dat fan ekstra bekostiging, op hokfoar wize dan ek, gjin sprake wêze kin?</p>

Yntsjinner(s)	(fraksje / namme / hântekening)  FNP, Sybren Posthumus
---------------	--

Datum	13 jannewaris 2020
-------	--------------------